begjint oer it ginneraal wol wat te lykjen op hânbal en dat is net in goeie ûntwikkeling.

RES kaam yndie út de Boalserter skulp en krige in oantal beste kansen. Foar my wie de earste ferrassing dan ek it goeie kearen fan Jan Simon Jelsma. Net allinne ik fûn dat mar ek myn analisten neist my. SDS krige ek wol wat kansen mar miste tefolle. De wiksels waarden op tiid brûkt en krekt op it stuit dat Robert en Harm op de bank sieten en de twa "gastspilers" Jeroen en Tjipke Klaas yn it fjild stiene, waard it 2-0. Feite helle út en in Boalserter feroare de bal fan rjochting op in wize dy't foar de Boalserter doelman net leuk wie. Hy waard passeard.



RES skoarde krekt foar it skoft 1 kear mar SDS woe it skoft yn mei twa doelpunten ferskil. Willem en Robert holpen en Harm skoarde.

It neidiel of foardiël fan dit skoft is dat je as publyk net nei de kantine kinne. Ek al soe de betsjinning dêr fluch wêze, it sil net slachje op tiid werom te wêzen.

De ploegen wikselen fan helte en wy wiene dochs wol benijd at RES noch yn de wedstriid komme koe. Spanning yn in wedstriid is altyd goed foar it publyk .

Tsjipke tocht dêr oars oer. Hy joech Willem in prima kans en dy miste net.

“No is it dien mei RES,” foarsei myn buorman Klaas en buorman Anne begûn al te roppen fan “tsien, tsien”

Harm die krekt of wie hy yn it fjild en die gelyk wat er ropt waard troch Anne: hy skoarde mei help fan Robert. It wie genieten. Prachtige oanfallen waarden net allegear yn doelpunten omsetten, mar it wie boeiend om te sjen. RES snakke nei lucht en de wiksels giene soms sa hurd dat harren koach der tsjuerjeluerje fan waard.

Willem sette Robert noch in kear foar it doel (6-1) en Harm die it selde by Robert (7-1)

Harm hie it slotakkoard. Mei in prachtige aksje makke hy sels it lêste doelpunt fan SDS.

It waard noch 8-2 , mar dat koe de wille net mear temperje.

In prachtich oere futsal, waard opmurken troch kenners. Ik as leek koe my dêr by oanslute, in wie in prachtige wedstriid mei in wervelende Willem in hearsende Harm, in razendbeweechlike Robert, in flitsende Feite, in jaaiende Jeroen, in tûke Tjipke Klaas en in safe (J)Simon.

It spul joech oanlieding om efkes nei te praten yn de kantine. Want ja der wie noch wol in fraach foar koach Willem Overall: “Werom sitte de twa

geroutinearde krêften Robert en Harm tagelyk op de bank”

“Se moasten efkes meielkoar prate en oerlizze en dat kin net yn it fjild!”sei Willem gelyk.

Sa moast ik myn mingde gefoelens oer it sjen nei futsal oan de kant sette en konstatare dat it besykjen fan de wedstriden fan SDS 1 seker de muoite wurdich binne.

Undanks it feit dat twa kinnere en regelmjittige besikers seine dat it harren beste wedstriid wie dit seizoen.

Dat jout oan dat se de oanwêzigheid fan it publyk tige op priis stelle en dêrtroch ta grutte prestaasje komme.

En och ek yn de kantine fan de Greidhoeke sit it noflik nei in wedstriid fuotbaljen of in wedstriid sjen. By it rût mei it iene each op de kommende talinten dy't woansdeitejûns om 10 oere noch begjinne mei harren baljen en mei it oare each op it pylkje goaien sjen op it grutte skerm.


Sa moast ik doe't ik folle letter nei hûs fytste as de bedoeling wie, konstatare dat de jûn wer goed bestege wie dat it noch hurd frear, mar dat it lang sa kâld net mear wie.

(ah)





## Sibe de Seefûgel (42)



Elke hurdrider is gjin  
hurddraver

Fûgels hawwe soms wol wat fan minsken. Net dat sy harren no drok meitsje oer politike partijen, oer Barney's pylkje smiterij of oer Frysk yn de trein.

Nee, it giet om de winter. Wat minsken en fûgels bynt is it winterwaar. Sjocht in klown út Hjelbeam in hegedrukgebiet oankommen mei in eastenwyn dan skillet hy gelyk kammeraad Kroes. "Kammeradski Kroes, de Russyske kjelt komt der oan en sa't ik it no sjen kin soe de 11 stêdentocht dêr al holden wurde kinne, dus meidat it gebiet foar de wyn hat, tink ik dat it hjir gau is en dan giet it oan." It hiele lân sjocht de selde jûn nei Hart fan Nederlân en dêr stiet Kroes al op it iis fan de hast fajierte Thialfbaan.

De krekt neamde klown hat ek al twa mutsen op en hiel Nederlân tink dat er al iis leit yn Fryslân, wylst it bûten noch hûnen en katten reint. Elkenien rekket oerstjoer en der is oars gjin praat mear.

By de fûgels op Skrok giet it al krekt allyk. Begjint it te friezen dan rop ik gelyk de 11 wakhaden byelkoar. It doel is dan om goeie ofspraken te meitsjen wêr't dizze kear de alve wakken komme te lizzen tusken Wommels en Easterein.

Eage de Ein kaam dit jier mei it foarstel om it oars as oars te dwaan. Under de brêgen de boel befrieze litte mar yn bochten de boel iepenhâlde. It "haadwek" kaam dizze kear telizzen by Resi omdat wy ús seker neat oanlûke fan de kreet : Ik soe it net dwaan. Sa skrepten wy wat ôf mei elkoar mar it slagge ús net om mei sa'n lege temperatuer de boel allegear iepen te hâlden. Freeslik spitich dat ús 11 wekkentocht net troch gean

koe. Der wiene twa treasten: de 11 stêdentocht foar minsken gie ek net troch en wy koene dochs ek noch genietsje fan al dy hurdriders dy't by Skrok lâns riden.

Op in prachtige eker ticht by de wâlkant seach ik se oankommen al dy hurddravers fan SDS dy't no trochgean moasten foar hurdriders fan Wommels en Easterein. Ik wie ferbjustere wa't ik allegear gean seach. En hoe't ik se riden seach. Se wiene der by dy woene it net wêze dat se riden. Se hiene wanten oan, sjalen om en mûtsen op. It wie wol winter mar dat wol noch net sizze dat je as in boef oer it iis ride moatte.

Se besochten ûnherkenber te wêzen, mar net foar my.

Ik seach by sommigen it selde loopke yn it riden as yn it draven. In koart stapke dus in koart streckje. Ik seach fuotballers dy't it hiele jier blesseard binne en no as in linige Ritsma in flinke streck setten.

Ik seach ek guon mei it tempo fan in feteraan; dêr bedoel ik mei dat it hiel fluch gie.

Frijemd wie wol dat de measte fuotballers dy't efter fuotbalje no foaroan riden. De foarhoedespilars sochten meast de lijte op efter de rêchen fan de brede ferdigeners.

In aardichheid wie it ek om yn de Sebeare it "ûnder de brêge troch te dûken" te folgjen. Soepel troch de knibbels of stiif fanút de rêch nei ûnderen.

It jout neat mar it iis yn de feart soarget foar ienridigens. Fûgels sykje elkoar op en meitsje meielkoar in wek en hâlde it iepen. Ek yn Easterein fergeat men efkes de striid en je soene wolle dat der altiten iis lei. Gelokkich is dat net sa want ik sjoch no al wer út nei de fuotballende bewegingen fan ridende SDS-ers. Nei sa'n winter kinne se ek wat better tsjin de kjeld.

## [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)

Begjin novimber binne wy fan start gien mei de webside (Frysk foar website) fan SDS. Wy binne no rûm twa moannen fierder en wy kinne wol seize dat de webside goed besocht wurdt. Fan novimber oant jannewaris hawwe wy al sa'n 2000(!) besikers hân.

It docht bliken dat in hiel soad minsken tige benijd binne wat er dochs eltse dei bard by SDS. Op it internet stiet eltse wike wol in nijsje oer SDS. Yn elts gefal kinne jimme der eltse wike wer lêze:

- \*Programma fan alle SDS teams
- \*Nei in wedstriid fan SDS 1 jûns al it ferslach.
- \*Sneontejûns alle útslaggen (mei de doelpuntenmakers) fan de SDS teams.
- \*Nei eltse wedstriid in ferslach fan SDS 1 yn 'e seal.
- \*Nije stân fan 'e SDS League

Jimme kinne dêr ek lêze de spesjale eveneminten wer SDS oan meidocht yn 'e winter sa as;

- \*Programma Midwintercup yn it Fec en nei de tiid it ferslach.
- \*Programma Krysttoernoai yn Frensjer en it ferslach dernei.
- \*Alles oer it Greidhocke sealfuotbaltoernoai foar de jeugd.
- \*Programma en ferslach fan it Frysk Kampioenskip sealfuotbal foar de junioren.

Yn 'e takomst hoopje wy dat je op ús internetside lêze kinne:

- \*At wedstriden net trochgean.
- \*Nijtsjes oer alles wat ek mar in bytsje mei SDS út te stean hat.
- \*Kompetyse yndielingen nei it winter- of simmerskoft, ensfh.

No at wy inkelde moannen oan 'e gong binne merke wy dat der foaral in soad sjoen wurdt nei aktuele saken op 'e internetside. Dit makket fansels no krekt it ferskil mei de Treffer. De Treffer giet altiten oer saken dy inkelde wiken lyn bard binne en de webside giet oer saken dy at fanmiddei of juster bard binne. Derby giet de Treffer júst efkes djipper op 'e saken yn.

Hawwe jimme fragen of op- of oanmerkingen oer de SDS-webside mail dizze dan nei

[info@vv-sds.nl](mailto:info@vv-sds.nl).

It winterskoft is hast wer ôfrûn en eltsenien wurdt wer wat wekker út syn "fuotbalsliep". De kompetysje begjint daliks wer en de SDS League giet ek wer fan start. De kommende wiken kinne jimme dus wer in soad fine op




[www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl).

## De kamera op...SDS 3 hoera hoera!!

De fam. De Vries hat fanwege prive-omstannigheden harren bannen mei de fuotballers fan it tredde trochsnije moatten. Harren taken wurde no waar naam troch ûndergetekende oant der immen oars ree fûn is.

It hoe en werom is my bekind, mar ik ha absolute geheimhalding swarre moatten....

Dan no fierder mei de wedstriidferslachen.



### Skearnegoutum 2 – SDS 3

(19-10-02) In oefenpot tsjin it twadde fan Skearnegoutum, foarof besjoen in goede test op wei nei de topper fan takomme wike tsjin Blauw – wyt. En dat hat ek blyken dien. It wie in tige drege pot op in alderferskuorenste swier fjild (krekt foar oanfang wie der noch in mâle bui op kaam en de foargeande dagen wiene ek net al te droech west).

SDS 3 kaam mei de folgjende matadoren de arena yn:

	Marco		
Lieuwe	Sipke		Piter L.
	Frank		
Jentsje	Jan	Peter	Sjoerd
	Friso	Donny	

Wiksels: Hampie en Frans – Pyter.

Opmerkings: Remco stiet foar in hiel skoft oan de kant mei in ferfelende hamstringblesure, dit is in flinke streep troch de rekkening. Marco en Sjoerd sille yn goed oerlis ûnder de lat plaknimme.

Frank en Donny ha we fan it twadde te lien, goed foar harren ritme en goed foar it oplossen fan ús personele problemen.

Fanôf it begjin ûntstie der in felle striid mei al gau inkele kanskes oan beide kanten. Harren middenfjild hie in oerwicht op usses en dus kaam foaral der it gefaar wei.

Al frij snel resultearre dit yn in doelpunt foar de gastheren, doe't Marco in bal ferkeard ynskutte koe harren spits em yn de goal sjitte.

Nei dizze tsjinfaller feroare der eins net in soad. Wy besochten de spitsen te berikken en diene dit wolris wat oan de hastige kant wat wer resultearre yn balferlies en der koene sy dan fan profiteare. Marco hat us in oantal kearen goed rede kinnen, mar it wie rap dudlik dat it net in maklike middei wurde soe.

In tsien minuten foar rest waardt it ut in kornor 2-0. Dit wie fansels gjin goeie saak, mar yn de rech steunt troch de goede resultaten fan de ofrone wiken koene je oan alles merke dat gjin inkele SDS-er no al tocht oan in mooglik ferlies!

REST.

Hampie foar Peter, hy kaam yn de spits te spyljen en Friso gie nei linksheal.

Frans – Pyter foar Pieter L., hy kaan rjochtsheal te stean, Jentsje nei rjochtsback, Lieuwe nei mid-mid en Sjoerd nei linksback.

Fuort yn de twadde helte waard der yn alle linies tichter op de man spile, gie der

mear driging en kracht fan it team ut en dit resultearre bynammen yn de winst op it middenfjild.

Fan hjir ut koene wy mear en mear oan fuotbaljen takomme en kamen der ek mear kansen.

Skearnegoutum (mei ald SDS 1 spylar Eelco nogwat) liet it der net by sitte en gie de striid oan.

De twadde helte waard sadwaande in tige spannend en somtiden spektakulair barren. Marco hat mear as inkele kearen redend optrede moatten en die dat ek mei ferve, efen op erfaring?!!

Nei inkele kansen net makke te hawwen wie it dan einliks Donny die't san kertier foar de ein de oanslutende treffer wist te meitsjen en makke Hampie efen letter de fertsjinne lykmakker.

Sadwaande is SDS 3 under lieding fan Lieuwe Meijer noch hieltiid net ferslein en groeit it fertrouwen mei de wike!

### SDS 3 – Berltsum 2

(2-11-02) Nei't de topper tsjin Blauw – wyt foarriche wike oflast wie, stie der no wer in topper op papier:

De konfrontaasje mei de nummer 2 wylst wy op it tredde plakje stiene.

Fantefoaren leine de ferwachtings heech, wy woene it 'unoerwinnelike gefoel' fansels noch wol efen festhalde, mar we moasten al tsjin in ploeg die't krekt degradearre wie en dus ut in hechere klasse kaam.

Dat it dreech wurde soe stie dus al fest, mar neat is unmooglik.....?!

Opstelling:

	Sjoerd		
	Wouter		
Lieuwe	Jentsje		Ronny
Jan	Marco	Tjeerd	Friso
	Gerard	Peter	

Wiksel: Pieter L. (nei 15 minuten foar Peter, die't lest hie fan in alde blesure)

Opmerking: Gerard Posthuma is foar dizze wedstriid taheake fan ut de A's. Wylst Ronny fan it twadde oerkaam.

Berltsum, in frij jonge, fuotbaljende ploeg. SDS, in team dat it yn haadsaak fan in protte striid, ynset, belibbing en dat soarte fan saken ha moat.

It wie in hurde mar faire wedstriid, wêr't foaral de earste tweintich minuten flink útdield waard. Die earste tweintich minuten koene we goed meikomme en kamen we sels op foarsprong út in penalty.

Uteinlik is it ofrûn mei in 3-5 ferlies. De goaltjemakkers binne oan myn pinne ûntglipt en oer de tsjingoals tink ik leaver net mear nei, mar dat liket my logysk.

Dúdlik wie al dat we ferlern ha, mar dat it gjin nederlaag wie. SDS 3 hat striiden en is mei opheve holle ten ûnder gien. Eltsenien fertsjinnet in grut komplimint foar de ynset. Ek Bertus Bootsma en Hans Kooistra die't fanút de kantine noch ree wiene mei te spyljen yn in enfearjende striid!!!

### SDS 3 – Ljouwerter sweltsjes 7

16 – 11 – 02

Nei alwer in tuskenskoft fan 2 wiken moasten we oantrede tsjin ien fan de leechfleaners ut Ljouwert. Sjoen de ranglist soe it yn wezen in makkie wurde moatte. Mar SDS 3, mei al syn routine en jeugdich elan liet him troch dit feit eins net fan de wize bringe en gie der fol yn, mei de folgjende alve yn it fjild en de rêst derneist:



	Marco		
Lieuwe	Tjeerd		Piter L.
	Wouter		
Sjoerd	Jeroen W	Sipke	Ronny
	Hampy	Frans P	

Friso, Jentsje, Jan (wat in bank!)

Opmerkings: Jeroen Wagenaar kaam fan it twadde.

De sweltsjes giene prima fan start en lieten sjen dat se best in aardich fuotbaljende ploeg hiene. It wie daliks klear dat dit perfoarst gjin 'walk-over'wurde soe.

Nei in prima foarset fan Ronny koe Hampie de 1-0 op it skoareboerd sette, mar fierder wie der net in protte ferskil tusken beide teams yn de earste helte.

Nei it skoft wiene der in oantal omsettings.

Tjeerd, Frans-Pyter en Sjoerd giene nei de kant foar boppesteande wiksels. Friso kaam yn de spits, Jan op de mid-mid (Jeroen W. Nei de rjochtsmidden) en Jentsje waard foarstopper.

It ynitiatief kaam geandewei de twadde helte mear en mear by SDS te lizzen, we lieten no echt sjen de bettere ploeg te

wezen. Opasse wie it noch altiid al, foaral harren rappe lofterspits kaam sa no en dan gefaarlik op it krytke diel fan us helte. Om seker te wezen fan de winst soe der eins noch ris skoart wurde moatte en dat barde.....en hoe.....!!!!

In kertier foar de ein wiene 21 Spylers, de skeids, de begelieders, de flaggers en it publyk tsjuge fan in wraldgoal.

Selden is der san skjintme en tagelyk deadlike presisie op de fjilden fan de skoallegeize fertoant!!

It wie Friso Albada, ien fan de routiniers fan it tredde, dy't in foar him opstuitende bal ynienen in raam joech, mei as resultaat dat er fan likernoch 40 meter efter de ferbjistere keeper tsjin it net oan kletste.....net te leuwen, wat in machtich momint!!!

Op de fraach as it in bline traap wie kaam in ûntwikend antwurd. 'It wie mei it folle ferstân'. Sa wie it kommentaer fan de makker fan de goal fan it jier, Friso Albada!

Nei dit bjusterbaarlik barren wie de wedstriid dien, de mannen ut Ljouwert seagen no ek wol yn dat der tsjin san protte fernuft neat mear te begjinnen wie en sa bleaunen de punten yn Easterein.

**Sneon 15 febrewaris 2003 in noflike jûn sealfuotbal (futsal) foar senioren SDS en A-junioren. It begjint om 18.30 oere.**

**Opjaan kin by de eigen lieder mar ek by Roel Sijbesma (tillefoan 332186)**

**Foar tongersdeitejûn 13 febrewaris opjaan.**

**Sportyf bvelkoar wêze. dêr giet it om!!!!**

# Ozzy speaks

## SDS 4

De sneons nei Sinterklaes moasten wy nei Frjentsjer ta.

De Alde kloat hat ús "fjirde" ek net ferjitten, want hy skonk ús in pear spilers fan it tredde.

Pieter Lieuwe v/d Valk en Jan Stenekes diene mei ús mei.

En dat die fertuten, want it hurde wurkjen fan Pieter L. en de taktiske setten fan Jan S. levere ús trije punten op.

Mei fansels ek de ynset fan ús eigen fjirde, ballen wy in ein fuort.

Mei Evert Tanja op 'e goal (hy wie net te passearen) kamen wy krekt foar de rêst op 1-0.

Jan S. skeat in frije traep mei in bôge yn't krús.

Dat de selde Jan dat nei de rêst wer die wie foar ús it sein om him in kontrakt oan te bieden.

Ut namme fan him sels betanke hy ús mei nog in goal.

In corner fan Pieter L. kopte hy oerhud yn 't krús.

It wie dat de skeids nog yn't paed rûn, oars hie de útslach nog grutter west.

Oan de ein nog in betankje oan Jan Keuning "ús rekkenwonder",

Hy fertelde ús dat wy nei 3 x 3 punten efter elkoar no 9 der by hawwe, en dat wy no omheech sjen kinne, mar wy seagen altiid al omheech, om't wy noch steeds benaud binne foar de stront fan Sibe de Seefûgel.

---

## ald5praat

De fêste skriuwer fan dizze rubryk hie efkes gjin nijs en wol graach ek ris in gastskriuwer (Jacob Plantinga) de romte jaan syn talinten sjen te litten. At ik sjoch nei it resultaat, tink ik dat it de lêste kear is. (aant)

WISTEN JIMME DAT.....?

It hiele fiifde elftal nei Eastenryk te skiën sil!

Dit op útnoeging fan Aant Hofstra, werklik Aant dit is ús súver te mál.

No wolle jimme ek noch witte wêrom fansels.

No it sit sa: Aant en Jellie binne dan 25 jier troud en om't hij it sa leuk fynt by ús yn it alvetal en wij sokke aardige jonges binne, meie wij ek mei.

Dit sil barre it wiekein fan 22/23 febrewaris o.s.

Hartstikke leuk, mar no komt it:

Earst ús lekker meitsje en dan .....seit Aant, spitich foar jimme mar jimme moatte

sealfuotbalje. **Neffens ús net!!!!!!!!!!!!**

Mar Aant en Jellie geane jim tegearre mar lekker op'e ski's.

wij fermeitsje ús hjir wol.

FAN HERTE LOKWINSKE MEI  
JIMME 25 JIERRICH  
HOULIKSJUBILEUM

## Wat neist it fuotbal



*Marco Hoekstra. Eltse SDS-er kin him as in tige aktyf lid. In sportman die 't behept is mei it fuotbalfirus. Is derneist ek noch plak foar in oare passy?*

*Dat dit seker wier is, is my tidens it petear mear as dúdlik wurden. Marco praat mei fjoer en faasje oer in seldsum moaie fryske tradysje; it aaisykjen!*

### **Wannear bisto begûn te aaisykjen?**

Ik ha it fan mysels. Fan jongs ôf oan wie ik al oan it strunen yn it lân, op syk nei aaien. Ik moast al trochsette want ik hie der noch gjin ferstân fan. Ik wit noch dat master Hingst ús fertelde oer it aaisykjen. Hy skreaun op it boerd hoe as it allegearre yn syn wurk gie, dat moasten wy dan oernimme yn it skrift. 'As de ljip op in riger slacht, dan sitte we yn de ferbearne tiid', fertelde er ek noch.

### **Earis komt it earste broed.....**

Ik wit noch krekt wêr it wie, in grut stik lân sûnder ekers neist de reed op nei Sjaarda. Ik wie mei Martin Overal. We rûnen inkele slaggen oer it lân, we hiene it wyfke út de midden omheech gean sjoen. Op in stuit, Martin wie efkes fierderop, seach ik it nêst mei deryn in

broed. Ik rop dat ik it fûn hie, mar Martin woe it earst net leauwe en doe ha ik in aai omheech holden.

We ha alle aaien lottere en doe mei naam. Ik wie in jier as tolve. Ferjitte doch ik it nea wer, in machtig momint!

### **As it yn maart wer safier is, wat bart der dan?**

Alles oan de kant, aaisykje oant it donker is, earder bin ik net beskikber foar wat oars.

Eartiids spybele ik woltris fan skoalle en no nim ik wat dagen frij by de baas. Alle tiid die't ik ha brûk ik om te dwaan wat ik yn die tiid it leafste doch; it fjild yn, frij weze, aaisykje.

### **Jim geane ek mei in ploeg in wykein fuort te sykjen?**

It leste wykein fan maart hiere we in kruser yn Top en Twel en geane we de frykse wetters op. In wykein lang aaisykje en wille mei Jan-Simon Jelsma, Robert Hoekstra en Anne Stenekes.

Ik freegje my dan woltris ôf: is it foar it sykjen of foar wat oars, mar dêr wit Anne alles fan!

Fansels binne dy wykeinen legendarysk, fan't jier wurdt de 5e kear.

Der binne woltris minsken die fine dat wykein gjin aai, mar dat sil my net oerkomme fansels. As it moat dan stap ik ûnderweis ôf, gean it lân yn en kom net earder werom dan wannear't ik wat fûn ha. Anne wie ek ris fan doel om in aai te finen en sa dúkt er it lange gers yn en ja hjer, hy fynt in aai; in skries aai!

### **It fenomeen aaisykjen hat it de lêste jierren swier, wat is dien miening der oer?**

De taneamende mechanisatie yn de lanbou is net geskikt foar de greidefugels. Wy as leafhabbers moatte der mei syn

allen goed om tinke. Foaral it BFVW, dat fierder goed wurk docht, soe neffens my mear de neidruk op it neisoarchjen lizze moatte. Foaral de 'leken' moatte ek yn de gaten krije dat ús grutste belang de greidefugel sels is.

### **Wat fynst fan de hiele diskusje oer it efentueel ferbieden fan us tradysje?**

Mei it ferbieden fan it aaisykjen binne de fûgels perfoarst net better of. Ik tink dat op de lange termyn it ferbieden fan dizze tradysje liede sil ta in gebrek oan neisoargers en dat soe in kwalike saak weze. Neffens my moat it dus net ferbean wurde.

### **Do hast ek plak yn it bestjoer fan de fugelwacht yn Easterein, hoe giet it qua jeugd?**

Wy binne hiel bliid mei de jeugd die't der no is, bynammen Master Hingst docht hjir ek in soad wurk foar mei syn enthousiaste foarljochting op skoalle. Fierders rjochtsje wy ús as fûgelwacht foaral op de neisoarch en binne we ek dwaande mei it fersprieden fan briedhokjes yn en om Easterein.

### **Ljippen binne snoade bisten.**

Ja seker, ik ha ris fjouwer dagen lang op itselde kanske socht. It wie by de ald pleats fan Baarda. Wat blykt nei die fjouwer dagen? Die slimme hie it nêst yn de hekkelsjedden oan de oare kant feart. Der wie ik moai foar it lapke holden!

### **Marco, hast ek fan dy tipyske aaisykerstories?**

Ach ja, je belibje sa'n soad yn de greiden, sa as.....

It wie yn it begjin fan de aaisykerstiid, it earste fan Fryslan wie kâld twa dagen fûn. Ik siet yn de bus nei Snits, ik moast nei skoalle. Tusken Tjalhuzum en

Ysbrechtum seach ik de ljip op in seemok slaan, ik wie yn steat en gean der daliks op ôf, wie it net dat ik in tentamen meitsje moast. Op skoalle koe ik mar oan ien ding tinke en dat wiene seker net de fragen dy't foar my leine. Weromreis daliks derhinne fansels, ik fûn it aai. Folgjende bestimming wie it gemeentehûs fan Littenseradiel. It die blyken dat it stik lân der't it aai lei krekt bûten de gemeente lei...it wie Wymbritseradiel en dat aai wie de moarns krekt fun.....

Kantine Skoalleseize, in reinige sneontemiddei nei it fuotbal en we sieten efkes gesellich nei.

Op in stuit seine Jelsma en ik tsjininoar; toch mar efkes in loopke? Dat wy it strieminne waar yn. Wêr binne wy oan begûn, we hiene no ek in fyn bierke drinke kinnen, tochten we doe't we letter efter in kraan efter Baarda's âlde pleats sieten te fernikkeljen.

Efterof hiene we neat te klaaien; we fûnen mar leafst 13 aaien yn ien stik lan!!!!

It is die pear bierkes mear dan wurdich west!!

### **Leste fraach; aaisykje as seks?**

Earst aaisykje en dan de beste seks!!!

In diplomatyk antwurd ta besluit fan dit petear.

Marco Hoekstra, in echte aaisyker, in leafhabber pur sang die't hielendal ferkocht is oan dizze prachtige folklore. Ek is er net skruten foar in sportive útdaging.

Syn leste boadskip is dan ek; Aaisykers fan SDS meitsje jimme boarst mar wiet, want dizze jonge giet foar de wikselpriis!



# Kompetysjestannen 2002-2003 fjild (14-12-2002)

## SDS 1 - 3e Klasse A

1 Mulier 1	12	26	25 -	11
2 Balk 1	11	20	27 -	14
3 SVM 1	11	20	26 -	18
4 SDS 1	12	20	25 -	18
5 CVVO 1	12	17	19 -	15
6 Heeg 1	12	17	21 -	22
7 Tonego 1	12	16	11 -	20
8 Makkum 1	11	14	19 -	21
9 Joure SC 1	11	14	15 -	19
10 Oeverzwaluwen 1	11	13	13 -	12
11 Workum 1	12	13	12 -	20
12 Nagele 1	11	3	10 -	33

## SDS 2 - 2e Klasse C

1 CVVO 2	12	28	32 -	13
2 Zeerobben 2	11	23	25 -	11
3 CSL 2	11	21	21 -	12
4 BCV 3	11	18	28 -	19
5 SDS 2	12	18	15 -	17
6 Workum 2	12	16	18 -	25
7 Bolswardia 2	11	14	20 -	15
8 Balk 2	12	14	17 -	16
9 Flevo Boys 3	12	13	24 -	26
10 Oeverzwaluwen 2	11	9	15 -	33
11 Heerenveense Boys 3	12	9	16 -	32
12 Lycurgus 5	11	6	21 -	33

## SDS 3 - 4e Klasse F

1 Foarut 2	6	18	26 -	7
2 Blauw Wit '34 4	5	15	28 -	4
3 Berlikum SC 2	7	15	30 -	17
4 Mulier 2	9	12	15 -	12
5 SDS 3	6	8	11 -	15
6 Makkum 3	7	8	13 -	29
7 Franeker SC 3	8	6	12 -	29
8 AVC 3	5	5	11 -	13
9 Lw Zwaluwen 7	9	0	10 -	30

## SDS 4 - 6e Klasse R

1 Bolswardia 5	11	30	38 -	14
2 CSL 4	11	26	43 -	8
3 Stormvogels'64 1	10	22	42 -	11
4 Tzummarum 2	9	19	25 -	13
5 Berlikum SC 4	9	16	11 -	12
6 SDS 4	11	16	30 -	27
7 Zeerobben 4	10	13	37 -	34
8 Tzum 2	10	10	22 -	42
9 Minnertsga 3	10	9	22 -	31
10 Foarut 3	10	8	29 -	28
11 Franeker SC 5	10	5	19 -	34
12 Mulier 3	11	3	9 -	73

## SDS 5 - 6e Klasse S

1 Lions'66 3	11	31	71 -	25
2 Ouwe Syl 3	10	22	32 -	23
3 SDS 5	12	22	49 -	33
4 Rijperkerk 3	11	20	33 -	31
5 Beetgum 2	9	19	48 -	20
6 Franeker SC 6	10	18	39 -	21
7 CSL 5	10	15	25 -	26
8 WWS 3	10	10	25 -	31
9 Lw Zwaluwen 12	10	10	29 -	43
10 SSS'68 3	10	9	26 -	39
11 Rood Geel 4	10	4	16 -	50
12 CVO 2	11	-1	18 -	69

## SDS A1 - Hoofdklasse B

1 Wolvega FC A1	11	23	31 -	9
2 Frisia A1	11	20	33 -	27
3 Harlingen A1	10	19	43 -	12
4 SDS A1	10	17	23 -	20
5 Olde Veste'54 d' A1	9	15	26 -	16
6 Zeerobben A1	10	15	25 -	20
7 Urk A1	9	14	19 -	17
8 LSC 1890 A1	10	13	28 -	33
9 Rood Geel A1	10	13	19 -	25
10 Joure SC A1	10	6	9 -	40
11 CSL A1	10	1	13 -	50
12				

### SDS B1 - 1e Klasse G

1 ONS Sneek B1	10	30	78	-	9
2 Annaparochie St. B1	11	24	41	-	23
3 Balk B1	12	22	59	-	35
4 Dronrijp B1	10	21	39	-	15
<b>5 SDS B1</b>	<b>12</b>	<b>20</b>	<b>28</b>	-	<b>21</b>
6 Mulier B1	12	17	24	-	44
7 Bolswardia B1	11	16	27	-	28
8 Oudega B1	12	16	52	-	39
9 Tzummarum B1	12	15	27	-	50
10 AVC B1	11	12	19	-	31
11 Scharnegoutum'70 B1	11	3	8	-	73
12 Workum B1	12	1	6	-	40

### SDS C1 - 1e Klasse I

1 JVC Nylan 2000 C1	10	30	37	-	14
<b>2 SDS C1</b>	<b>11</b>	<b>25</b>	<b>41</b>	-	<b>14</b>
3 Wykels Hallum C1	10	20	38	-	17
4 Leeuwarden C2	10	20	32	-	20
5 CSL C1	11	16	20	-	18
6 Lw Zwaluwen C1	10	13	34	-	24
7 FVC C1	11	13	41	-	41
8 Foarut C1	9	11	18	-	20
9 Zcerobben C1	9	6	17	-	24
10 Harlingen C1	11	6	26	-	40
11 Blauw Wit '34 C2	10	0	7	-	79
12					

De einstannen fan de neijerskompetyse fan de jongerein (C2 oant e mei F3) stienen yn de Treffer fan desimber 2002. Der is net mear spile nei 6 desimber 2002.


## Kompetysestannen 2002-2003 seal (11-01-2003)

### SDS 1 - 2e Klasse B

1 RES 1	14	34	103	-	42
2 SDS 1	14	32	82	-	41
3 Lemsterland 2	12	30	89	-	37
4 ZVVS 2	13	22	64	-	62
5 Heerenveen 3	14	19	53	-	56
6 Espel 1	12	17	64	-	72
7 Genemuiden SC 1	11	12	49	-	67
8 Flevo Boys 1	12	12	63	-	68
9 Workum 2	12	9	41	-	74
10 WZS 1	13	7	47	-	85
11 ONS Sneek 1	11	0	30	-	81
12					

### SDS 2 - 4e Klasse AD

1 WZS 8	11	31	92	-	35
2 Workum 7	10	23	91	-	51
3 WZS 5	11	20	72	-	50
4 NTW 2	11	19	63	-	58
<b>5 Workum 8</b>	<b>9</b>	<b>18</b>	<b>69</b>	-	<b>44</b>
6 SDS 2	11	17	54	-	45
7 Nij Engwier 3	9	12	44	-	42
8 Haskerland 7	10	7	46	-	84
9 WZS 6	11	7	66	-	100
10 Blauw Wit '34 4	2	6	11	-	8
11 RES 5	10	6	41	-	79
12 RES 6	11	0	35	-	88



## Doelpunten SDS

Der is yn de neijerskompetysje wer goed scoord, sawol yn de goal as sportyf. Twa kampioenen by de jongerein. Ekskús oan C3. Jimme stienen (noch) net yn dizze statistiken. En dat ek noch mei san drege kompetysje lykas D3. Wy hoopje dat jimme yn it foarjier better yndield wurde. Oan jimme ynset en dy fan de lieders sil it net lizze. De f-kes skoare wer it heechst. Dochs knap hear. Sawat 100 doelpunten! Opfallend is it plakje fan SDS 5 tusken de jongerein. Alle teams in soad sukses yn it foarjier. Op nei in ny rekord!

Doelpunten per team-seizoen 2002-2003				11 januari 2003			
Team	Neijier	Foarjier	Totaal	Team	Neijier	Foarjier	Totaal
SDS F1	96		96	SDS 4	30		30
SDS E2	78		78	SDS B1	28		28
SDS F3	64		64	SDS 1	25		25
SDS D2	49		49	SDS D1	24		24
SDS 5	49		49	SDS A1	23		23
SDS C1	41		41	SDS C3	16		16
SDS E3	38		38	SDS 2	15		15
SDS E1	33		33	SDS 3	11		11
SDS F2	32		32	SDS D3	2		2
SDS C2	30		30				
Seizoen	Neijier	Foarjier	Totaal	Team	Neijier	Foarjier	Totaal
1998-1999	472	772	1244	SDS F3	62	61	123
1999-2000	485	508	993	SDS F2	65	41	106
2000-2001	534	674	1208	SDS F1	36	75	111
2001-2002	675	549	1224	SDS F2	114	46	160
2002-2003	684		684	SDS F1	96		96
verschil	9	-549	-540		-18	-46	-64

## Trefferkes

### Kwyt(1)

Nei sa'n heal seizoen spile te hawwen giet it net sa min mei it 2e fan SDS. Sy draaie aardich mei en fuotbalje ek net gek. De lieders hawwe dan ek gjin reden om net tefreden te wêzen. No hawwe sy by it 2e allinne noch ien probleem. Op trainen hawwe sy al net in soad ballen en no is der lêsten ek noch wer ien fuortrekke. De bal is foar it lêst sjoen, it sil ein novimber west hawwe, op in kâlde trainingsjûn fan it 2e efter de sporthal. De bal rolle foar Harm-Auke Dijkstra út en hie gie der mei in aardich stikje gang efteroan. Hy

hie net ien mear foar him en rûn rjocht op 'e goal ôf (wêr't net ien yn stie). Hy knypeage noch efkes nei trainer Kees Jansen, dy nêst de goal stie, en eltsenien ferwachte dat sy de bal wer werom fine koenen yn it net. Sa nimt Harm-Auke de bal op 'e pantoffel en net ien dy de bal wer sjoen hat. "Hampie" mei de kop yn it sân en de rest op de grûn fan it gnizen. Wol degene dy de bal yn Itens wer fynt asjeblyft werom bringe by Andries Stuiver?

### Kwyt(2)

Op trainen hawwe je wolris wat ûngelokkige botsingen tusken spilers. Der is faak gjin kwea mei bedoeld,

mar je hawwe der al skea fan. Je hawwe lêst fan 'e bonken, de fiter is brutsen of it hiele krús fan 'e broek is útskuord. Sa wie it lêsten by it 2e dat op in wynderige en reinige trainingsjûn Donny en (omke) Durk Okkema wat ûngelokkich mei elkoar yn kontakt kamen. Yn in duel om de bal drukte de iene de oare wat fuort en de oare drukte noch wat hurder werom. Sa kaam Durk mei syn hân per ûngelok by Donny yn it each en inkelde sekonden letter merke Donny dat der ien fan syn kontaktlinzen miste. Durk hie him lokkich genôch noch op 'e finger en joech him werom oan Donny. Sa kaam alles wer goed. Wie it net dat Donny mei de kontaktlins op syn finger noch efkes sjen woe at der ek smoarch wurden wie. Hy hat him noait wer sjoen.

### Wiet hier

Sa hat elkenien syn eigen ferhaal om de lingte fan de tredde helte te bepalen. Sa hearde ik in twatal prominente SDS bestjoerders oerlizzen nei ôfrin fan it sealfuotbaljen op âldjiersdei.

Sy soene yn prinsipe gelyk nei hûs mar hiene wol ien betingst, foardat se de tocht op de fyts nei Wommels ûndernamen: it hier moast droech wêze.

Sjoen de lingte fan it hier, waard it net in lange sit. Ik seach se fuortgean wylst se mei in jaloerske blik nei Willem Wijnia seagen en ik koe dy iene tinken sjen: myn soan hat it goed yn it (en op ) it kopke.



## Antwoarden vragen scheidsrechter

1. C    2. B.    3. D    4.C  
5.B

### Uitslag puzzel in de vorige Treffer.

De door Douwe Durk Reitsma ingezonden puzzel heeft toch weer een aantal mensen plezierig bezig gehouden. Waarschijnlijk was het niveau toch iets te hoog want er kwamen van slechts 4 antwoorden binnen. Alle 4 hadden de spreuk goed: 'het komt op het laatst toch aan de dag wat onder de sneeuw verborgen lag'

Door loting is de prijs gegaan naar Harm Bergsma. Hij ontvangt binnenkort een aardigheidje.

Onze dank gaat uit naar Douwe Durk Reitsma voor het opmaken van deze puzzel.

### In nije bal

Titus en Rigt wiene dizze hjerst 25 jier behearders fan de kantine yn de sporthal de Greidhoeke.

Omdat ek SDS fansels in grutte gebrûker is fan de hal en de kantine woene sy dit wurdearre mei it oanbieden fan in kado.

"25 jier gearwurking, 25 wier klandyzje en 25 jier gesellichheid" wiene de wurden dy't sy op harren jubileumkaart stean hiene. Willem Twijnstra (bestjoerslid) en Willem Overal (lieder SDS futsalploech) krigen in prachtige bal oanbean foar de topper tsjin RES. SDS wûn mei 8-2 dus dat koe minder.



## Aginda

<u>Wannear?</u>	<u>Wat?</u>	<u>Hoe let en wêr?</u>
25 jannewaris	Greidhoeke tournooi D-pupillen	9-12 oere Easterein (sporthal)
25 jannewaris	Oefenwedstriid Nijland 1- SDS 1	14.30 oere Nijlân
1 febrewaris	Greidhoeke tournooi D-pupillen	9-12 oere Easterein (sporthal)
1 febrewaris	Oefenwedstriid Berltsum 1- SDS 1	14.30 oere Berltsum
8 febrewaris	Oefenwedstriid SDS 1 – Creil 1	14.30 oere Easterein
12 febrewaris	Kopydatum Treffer	redaksje
15 febrewaris	Sealfuotbaltoernooi senioren en A-junioren	18.30 oere Easterein (sporthal)
15 febrewaris	SDS 1 – Mulier 1 (kompetysje)	14.30 oere Easterein
22 febrewaris	Joure 1 – SDS 1 (kompetysje)	14.30 oere de Jouwer

